

Livia's romtedream

Kolofon

ISBN: 978 90 8954 970 9

1e druk 2017

© 2017 Marianna van Tuinen

Fryske oersetting: Ytsje Steen

www.mariannavantuinen.nl


Utjouwerij Elikser

Oksekop 4

8911 LE Ljouwert

www.elikser.nl

Foarmjouwing omslach en binnenwurk: Evelien Veenstra



Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige, opslein yn in automatisearre gegevensbestân en/of iepenbier makke wurde troch de wei fan druk, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar wize dan ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de auteur en de útjouwerij.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.



Livia's romtedream



Marianna van Tuinen

It is midden yn 'e nacht en Livia leit noch net op bêd.
Se oefenet de sprekbeurt dy't se moarn hâlde sil. Oer har favorite ûnderwerp, it
aldergrutste en aldermoaiste wat der is: it universum!
Wikenlang hat se op ynternet oan it sykjen west. Wat is dêr in soad te finen!
Oer swiertekracht, it ûntstean fan stjerren, oer Mars, Jupiter, Saturnus en Fenus.
Ut de printer is in hiele steapel prachtige foto's rôle.
Mar dochs is Livia net echt tefreden. Al dy dingen kinne de bern sels ek wol fine op
harren kompjûter. Nee, wat se noadich hat is in ferrassing, in ferhaal wêrtroch't de
hiele klasse straks oan har lippen hinget. As se no ris fertelle koe dat dêr ék wêzens
binne, dan soe se seker in spannend ferhaal hawwe!
Op ynternet hat se in pear filmkes fûn oer besikers fan in oare planeet.
Sommige minsken hienen sels mei dy bûtenierdsken praten. Sizzes se.
Om dat te leauwen moat ik dy wêzens echt sels sjen, tinkt se.
Heal lûdop seit Livia stadich:
'Mei. Ik. Ris. By. Jim. Sjen?'
It bliuwt stil. Gapjend krûpt Livia ûnder har dekbêd.
In skoftsje letter falt se einliks yn 'e sliep.

